

De takomst fan it ferline



Tsjerkepaad hat takomst. Nei sân 'ôfleveringen' meie we dat wis wol sizze. En jimme, de tûzenen besikers, hawwe dat mei-inoar oprêdden. Sûnder besikers gjin Tsjerkepaad, is it net sa? Frijwilligers – dat binne der al twatûzen – hawwe drok west mei de tariedingen. Moai fyn ik it dat de minsken fan de nije Stichting Tsjerkepaad nije ferbiningen fûn hawwe. It lint fan tsjerken bliuwt fansels de kearn. Troch ek oare kanten fan Fryslân by Tsjerkepaad te belûken, leit der foar ús, de besikers, eins in hiel nij toeristysk programma klear.

De Alvestêderûte fan dit jier en de oare moaie fytsrûtes slute ommers oan by besteande toeristyske anwb-rûtes. En dan is der ek dy bysûndere oargel-rûte, tegearre mei de Stichting Organum Frisicum. Fryslân wie - is - ferneamd om syn oargels en fral syn oargelbouwers. Yn Ljouwert wurkje hjoeddedei noch oargelbouwers ûnder de namme Bakker&Timmenga, mar ieuwenlang hawwe der folle mear Fryske oargelbouwers west. Yn ús

provinsje binne mar leafst 350 histoaryske oargels. Tsjerkepaad jout ek dit part fan ús ferline nij libben.

Saken mei-inoar ferbine, sykje nei nije kânsen, aksjes betinke dy't de minsken oansprekke, dy krêft kinne we ek ynsette foar tsjerkegebouwen dy't miskien anst leech komme. De provinsje stipet Tsjerkepaad ek om jo te freegjen mei te tinken oer de fraach: "Hoe fierder mei ús net of te min brûkte Fryske tsjerkegebouwen?" Wêrom monuminten, hûzen, doarpsoansichten, tsjerkegebouwen fertutearzje litte at dy ús sa oan it hert geane? Soks moat eins net barre. It bewarjen, it hoedzjen en noedzjen fan sokke gebouwen, dat kinne wy lykwols allinne mei-inoar dwaan. Ynwenners fan doarpen en stêden, keunstners like goed as ûndernimmers, boeren like goed as lju út de stêd, provinsje- en gemeentebestjoerders, tegearre de skouders derûnder. It ferline sit yn ús, djip yn ús siel. It ferhaal dat ea begûn, rint troch. Dat wolle wy dochs trochjaan?

De Stichting Tsjerkepaad tinkt der lyk sa oer, dêr bin ik fan oertsjûge. Moai is dan dat hja studinten der by helle hawwe. Dy meitsje in moai Tsjerkepaad-programma foar bern fan basisskoallen. Sa wurde ferhalen - ús ferhalen - fierder ferteld. Sa moat it wêze, moaier kin it net.

Tsjerkepaad hat takomst.

Jannewietske de Vries,

Deputearre fan Fryslân.